

STIFTING FRYSK AKADEMYFûNS

Jierrekken 2023



Ljouwert, 14 maaie 2023

INHÂLDSOPFEFTE	side
FERSLACH FAN IT BESTJOER	
ALGEMIENE YNFORMAASJE	4
GONG FAN SAKEN TIDENS IT FERSLACHJIER	5
JIERBERJOCHT 2023	7
JIERREKKEN	7
<i>BALANS PER 31 desimber 2023</i>	8
<i>EKSPLOITAASJEREKKEN OER 2023</i>	10
<i>KASSTREAM OERSJOCH</i>	11
<i>TALJOCHTING OP DE BALANS PER 31 desimber 2023</i>	12
<i>FOARSTEL TA BESTIMMING RESULTAAT 2023</i>	18
<i>TALJOCHTING OP DE EKSPLOITAASJEREKKEN 2023</i>	20
OARE GEGEVENS	21
<i>KONTRÔLEFERKLEARRING FAN DE UNOFHINKLIKE AKKOUNTANT</i>	21

BESTJOERSFERSLACH

ALGEMIENE YNFORMAASJE

Doelstelling Frysk Akademyfûns

De stifting hat ta doel de befoarderling fan en aktivearring ta Frysk wittenskiplik wurk yn de wiidste betsjutting, dêr ûnder ek te ferstean befoarderling fan in reedlike húsfesting op it stik fan de gebouwen en replik goed fan persoanen en ynstânsjes, dy't harren mei dizze taak belêstige hawwe en wol mear yn it bysûnder wat oanbelanget de Stichting Fryske Akademy.
(Artikel 2, Karbrief Frysk Akademyfûns).

Kearnaktiviteiten

It fermogen fan de stifting wurdt foarme troch donasjes, skinkingen, erfstellingen en legaten en alle oare winning en baten. Ta de kearnaktiviteiten fan it Frysk Akademyfûns heart it behearen fan fûnsen. It fermogen fan it fûns kin oan wittenskiplik ûndersyk bestege wurde, of oan oare troch it bestjoer goedkarde doelen, foarsafier 't dy yn oerienstimming binne mei de doelstellings fan it Frysk Akademyfûns.

Juridyske struktuer

It Frysk Akademyfûns is in stifting. It bestjoer fan de stifting bestiet út minimaal 5 leden, wêrby 't it tal leden troch it bestjoer mei algemiene stimmen fêststeld wurdt. By it ûntstean fan fakatueres yn it bestjoer, sille de oerbliuwende bestjoersleden sa gau mooglik mar uterlik binnen 2 moanne nei it ûntstean fan de fakatueres in foardracht dwaan foar in nij te beneamen bestjoerslid oan de Rie fan Tafersjoch fan de Stichting Fryske Akademy, dy 't beneamt. Wannear 't de beneaming net binnen trije moanne nei it dwaan fan de foardracht dien is, foarsjocht it bestjoer sels yn de fakatuere troch de beneaming fan de foargedrachjinge, konfoarm artikel 4 lid 2. Neffens de statuten, kêst 4 lid 3, wurde de bestjoersleden beneamd foar in sittingsperioade fan 4 jier en binne nei ôfrin fan de sittingsperioade werbeneamber. Sy trede ôf neffens in troch it bestjoer op te stellen roaster fan ôftreden. Yn tuskentiidske fakatueres beneamde bestjoersleden nimme op dit roaster it plak yn fan de bestjoerders foar wa 't se beneamd binne.

It bestjoer bestiet ein 2023 út :

Drs. H. ten Hoeve, foarsitter

J.W. Petter, skriuwer/ponghâlder

Mr. H. Ph. Breuker

Mw. F. de Jong- Krap

Mw. Mr. M. Geertsema

De jierstikken wurde binnen 6 moanne nei ôfrin fan it boekjier troch it bestjoer fêststeld. Dizze jierstikken geane mei in goedkarrende kontroleverklearring fan in registerakkountant of fan in akkountants-administraasjekonsulint. De sifers fan it Frysk Akademyfûns wurde meinaam yn de konsolidearre sifers fan de Stichting Fryske Akademy. Der is gjin sprake fan in dielnimming yn de sin fan de wet, BW 2 titel 9. Juridysk sjoen is der gjin ienheid fan bestjoer tusken it Frysk Akademyfûns en de Stichting Fryske Akademy. It bestjoer fan it Frysk Akademyfûns kin selsstannich besluten nimme oer de oankear fan de jilden.

It Frysk Akademyfûns hat de ANBI status, sjoch <http://www.fryskakademyfuns.nl/>

GONG FAN SAKEN TIDENS IT FERSLACHJIER**Algemien**

It bestjoer fan it FAF kin op grûn fan troch de Stifting Fryske Akademy yntsjinne projektoanfragen subsydzjes jaan oan ekstern (net út de reguliere - en lumpsumsubsydzjes, de saneamde basisfinansiering) finansiere wittenskiplike projekten en de byhearrende personele kosten by de Fryske Akademy dy 't net of allinnich foar in part betelle wurde kinne mei subsydzjes fan Ryk, Provinsje of NWO. Ek kinne garantstellings oan de Stichting Fryske Akademy jûn wurde om de finansiering fan projekten rûn te krijen. It betingst is wol dat de Stichting Fryske Akademy foar dy projekten sels gjin jilden út de jierlikse basisfinansiering beskikber stelle kin.

Untwikkelingen 2023.

It bestjoer kaam trije kear byinoar. De ûnderwerpen wiene it goedkarren en fêststellen fan de jierrekken 2022 en ferskate subsydzje-oanfragen foar boekpublikaasjes troch treden. Dêrneist hat it bestjoer oerlizzen fierd mei de direkteur-bestjoerder en de Rie fan Tafersjoch fan stichting Fryske Akademy oer de ûntwikkelingen by de Fryske Akademy en de relaasje mei it Frysk Akademy Fûns.

Yn it ôfrûne jier binne fan ferskate organisaasjes mei-inoar 11 fersiken binnenkaam foar in finansjele bydrage fan boekútjeften en oare saken. De totale wearde fan de oanfragen dy 't oan ús rjochte binne, is € 22.500. Dêr binne 9 stiks foar wearde € 16.000 honorearre. De ôfwisde fersiken foelen bûten de doelstellingen fan de oanbelangjende fûnsen of wiene ûnfolle yn yntsjinne.

Yn it ôfrûne jier hat it bestjoer fan de Fryske Akademy in foarriedige tasizzing krigen foar stipe oan in promoasjetrajekt yn gearwurking mei de Universiteit fan Amsterdam. It ûndersyk hat as titel 'Tense, Mood and Aspectual in Verbal Morphology of Old Frisian'. Under betingst fan in slútende finansearing is it FAF ree om 50% fan de promoasjekosten - € 158.850- by te dragen.

Eardere tasizzings foar ûndersyksprojekten fan Stichting Fryske Akademy biene:

- bydrage oan de learstoel foar Prof. dr H.van de Velde by de Universiteit Utrecht .
- bydrage yn de kosten fan promoasjeplakken 'Variation and Change in Spoken Frisian' en 'The Re-invention of Written Frisian'. Beide oan de Universiteit fan Amsterdam

Oanfragen foar nije ûndersyksprojekten troch de Stichting Fryske Akademy by it FAF bestjoer sille ûnder beskate betingsten honorearre wurde.

Dizze betingsten binne: fernijend ûndersyk op it fakgebiet fan de Stifting Fryske Akademy. De oanfraach moat foar oanfoljende finansiering of matchingsfinansiering wêze, sadat it oanbelangjende projekt realisearre wurde kin; It wurk wurdt by foarkar op lokaasje fan de Stifting Fryske Akademy yn Ljouwert útfierd.

It frij te besteden eksploitaasje-resultaat oer 2023 bedraacht € 15.321 posityf (2022 € 1.269 posityf). Dat is it (net korrijearre) negative eksploitaasjerekade € -38.757 fermeardere mei de dotaasje oan de bestimmingsreserves en - fûnsen ad € 54.078.

Foarútsichten 2024

De haad aktiviteit sil benammen bestean út it behanneljen fan oanfragen fan treden foar de troch ús behearde fûnsen. Dêrnjonken ferwachtsje we ek fan stifting Fryske Akademy fersiken om by te dragen oan nije ûndersyks inisjatyven op it mêd fan Fryske wittenskip.

Begjin 2024 sil de proseduere opstarten wurde foar (wer)benaming fan de foarsitter. Neffens it roaster fan ôftreden rint de 1^e sittingstermyn fan de foarsitter per 30 juny 2024 ôf.

Stifting Frysk Akademyfûns

Drs. H.ten Hoeve, foarsitter

J.W. Petter, skriuwer/ponghâlder

Mr. H. Ph. Breuker

F. de Jong – Krap

Mr. M. Geertsema

JIERREKKEN

- Balâns per 31 desimber 2023
- Eksploitaasjerekken 2023
- Kasstreamoersicht 2023
- Taljochting balâns 31 desimber 2023
- Taljochting eksploitaasjerekken 2023

jierrekken 2023
Stifting Frysk Akademyfûns

BALANS PER 31 desimber 2023
(nei útstel bestimming eksploitaasje resultaat)

	31-12-2023		31-12-2022	
	€	€	€	€
AKTYF				
FÊSTE AKTIVA				
Materiële fêste aktiva (1)	33.057		33.057	
Finansjele fêste aktiva (2)	448.000		476.000	
		481.057		509.057
FLOTTENDE AKTIVA				
Foarderingen (3)	40.755		28.000	
Likide middels (4)	2.337.508		2.395.227	
		2.378.263		2.423.227
Totaal		2.859.320		2.932.284

jierrekken 2023
Stifting Frysk Akademyfûns

PASSYF	31-12-2023		31-12-2022	
	€	€	€	€
Eigen fermogen (5)				
Stiftingskapitaal	45		45	
Algemiene reserve	239.224		223.902	
Bestimmingsreserves	2.141.671		2.212.120	
Bestimmingsfûnsen	467.954		451.583	
		2.848.894		2.887.650
Koartrinnende skulden (6)		10.426		44.634
Totaal		<u>2.859.320</u>		<u>2.932.284</u>

EKSPLOITAASJE REKKEN OER 2023

	2023	2022
BATE	€	€
Finansjele bate minus lêsten(7)	32.715	14.904
Totaal fan de bate	32.715	14.904
LESTEN		
Oare materiële lêsten(8)	71.472	65.423
Totaal fan de lêsten	71.472	65.423
Eksploitaasje resultaat	-38.757	-50.519
<u>Eksploitaasje saldo te ferdielen:</u>		
Frij te besteegjen eksploitaasje saldo	15.321	1.269
Bestimmingsreserve	-70.449	-90.571
Bestimmingsfûnsen	16.371	38.783
	-38.757	-50.519

Deze ferdieling fan it eksploitaasje saldo foarmet it útstel ta bestimming fan it resultaat 2023 (blêdside 18).
Foarútrinnend op de definitive beslútfoarming troch it bestjoer is dit foarstel yn de balâns ferwurke.

jierrekken 2023
Stifting Frysk Akademyfûns

KASSTREAMOERSICHT

	2023	2022
	€	€
Eksploitaasje resultaat	-38.757	-50.519
Feroaringen flottende middels		
Foarderingen	-12.755	0
Koartrinnende skulden	-34.208	25.727
	0	0
	46.963	25.727
Kasstream operasjonele aktiviteiten	-85.719	-24.792
Ynvesterrings yn materiele fêste aktiva	0	0
Desynvestearing / ôfflossing út belizzingen	0	0
Kasstream út ynvestearringsaktiviteiten	0	0
Lieningen	28.000	28.000
Kasstream út finansearringsaktiviteiten	28.000	28.000
Netto kasstream	-57.719	3.208
Mutaasje likide middels		
Stân op 31 desimber	2.337.508	2.395.227
Stân op 1 jannewaris	2.395.227	2.392.019
	-57.719	3.208

TALJOCHTING OP DE BALANS PER 31 desimber 2023

AKTIVITEITEN

Het Frysk Akademyfûns hat as doel it stimulearjen fan Frysk wittenskiplik werk yn de breedste omfieming fan it wurd.

ALGEMIENE GRUNSLAGGEN FOAR DE OPSTELLING FAN DE JAARREKKEN

De jierrekken, opmakke 16 maaie 2023, is opsteld mei yn achtnimming fan de bepalingen yn de ' Rjochtlinen foar de jierferslachjouwing 650 Fondsenwervende organisaasjes.

De jierlikse yndeksearring fan de bestimmingsfûnsen komt te 'n goede oan it eksploitaasjeresultaat. Dêrnei wurdt troch winstbestimming it bedrach fan de yndeksearring tawiisd oan de bestimmingsfûnsen.

GRUNDSLAGGEN FOAR DE WURDEARRING FAN AKTIVA EN PASSIVA**Algemiën**

Activa en passiva wurde oer it generaal wurdearre tsjin de kategory - of feardigingspriis of de aktuele wearde. As gjin spesifike wurdearringsgrûnslach neamd is, fynt wurdearring plak tsjin de oanskafpriis.

Fremde faluta

Kosten en opbringsten yn fremde faluta wurde omrekkene tsjin de koersen op transaksjedatum. Foarderingen en skulden wurde omrekkene tsjin de koersen op balânsdatum. De hjirút resultaatjende winsten en ferliezen binne yn de resultaten ferwurke.

Materiële fêste aktiva

De materiële fêste aktiva wurde wurdearre op de oanskafpriis ûnder ôftrek fan de linêre berekkene ôfskriuwingen, bepaald op basis fan de rûsde ekonomyske libbensdoer, rekken hâldend mei in eventuele restwearde. Der wurdt rekken hâlden mei de bysûndere weardeferminderingen dy 't op balânsdatum ferwachte wurde. Foar de fêststelling oft der sprake is fan in bysûndere weardefermindering wurdt ferwiisd nei de oanbelangjende noat.

De stichting beoerdielet op elke balânsdatum oft der oanwizingen binne oft der by in fêst aktyf in bysûndere weardefermindering wêze kin. As sokke yndikaasjes oanwêzich binne, dan wurdt de realisearbere wearde fan it aktyf fêststeld. As it net mooglik is om de realisearbere wearde foar it yndividuele aktyf te bepalen, dan wurdt de realisearbere wearde bepaald fan de kasstream generearjende ienheid dêr 't it aktyf ta heart. Fan in bysûndere weardefermindering is sprake as de boekwearde fan in aktyf heger is as de realisearbere wearde; de realisearbere wearde is de heechste fan 'e opbringstwearde en de bedriuwswearde. In bysûnder weardeferminderingsferlies wurdt streekrjocht as in lêst ferwurke yn de winst - en ferliesrekken ûnder lyktidige ferleging fan de boekwearde fan it oangeande aktyf. Kosten foar grut ûnderhâld wurde aktivearre en lineêr ôfskreaun nei de ferwachte takomstige gebrûksdoer.

It tapaste ôfskriuwingspersintaazje is:

Gebouwen 0 – 2,5%

Finansjele fêste aktiva

De ûnder finansjele fêste aktiva opnommen foarderingen wurde yntieel wurdearre tsjin de reële wearde ynklusyf transaksjekosten (as materieel). Dêrnei wurde dy foarderingen wurdearre tsjin amortisearre kostpriis, dy 't oer it algemiën gelyk is oan de nominale wearde. By de wurdearring wurdt rekken hâlden mei eventuele weardeferminderingen.

Foarderings

De foarderingen wurde by de earste ferwurking opnommen tsjin de reële wearde en dêrnei wurdearre tsjin de amortisearre kostpriis. De reële wearde en de amortisearre kostpriis binne gelyk oan de nominale wearde, yn ôftrek fan needsaaklik achte foarsjenningen foar ûnynberens.

Bestimmingsfûnsen

Fûnsen wurde wurdearre tsjin nominale wearden.

Koartrinnende skulden

Foar safier net oars neamd is, binne de koartrinnende skulden wurdearre tsjin reële wearde. Koartrinnende skulden wurde by de earste ferwurking wurdearre tsjin reële wearde. Koartrinnende skulden wurde nei earste ferwurking wurdearre tsjin geamortisearre kostpriis, binne it ûntfangen bedrach rekken hâldend mei agio of disagio en ûnder ôftrek fan transaksjekosten. Dit is meastal de nominale wearde.

GRUNSLAGEN FOAR BEPALING FAN IT EKSPLOITAASJERESULTAAT

Algemien

Utgangspunt by it bepalen fan de resultaten is it tapassen fan it kontinuteitsbegjinsel. De baten en lêsten wurde tarekkene oan it ferslachjier, dêr 't dy betrekking op hawwe, ûnferskillich oft hja ta ûntfangsten en útjeften yn dat ferslagjinner laat hawwe. Baten wurde allinne opnommen, foarsafier 't se per balânsdatum as realisearre beskôge wurde kinne. Lesten en risiko's dy 't harren oarsprong hawwe foar de ein fan it boekjier, wurde yn de jierrekken ferwurke, as hja bekend binne op it momint fan opmeitsjen fan de jierrekken.

Baten

De baten wurde foarme troch de ûntfangsten fan de Stichting Fryske Akademy, baten út fûnsen, erfenissen en legaten, finansjele baten en oare baten.

Eksploitaasjesaldo út gewoane bedriuwsfiering

It eksploitaasjesaldo út gewoane bedriuwsfiering wurdt bepaald as it ferskil tusken de baten en lêsten dêrfan oer it ferslachjier, mei achtslaan fan de hjirfoar neamde wurdearringsgrûnslagen.

Frij te besteegjen eksploitaasjesaldo

Dit bestiet út it eksploitaasjesaldo fan de gewoane bedriuwsfiering ferminderet mei de resultaatbestimming oan bestimmingsreserves en bestimmingsfûnsen. De resultaatbestimming oan de bestimmingsreserves bestiet út it oandiel yn it frij bestegbere eksploitaasjesaldo dy 't tarekkene wurdt de bestimmingsreserves. De resultaatbestimming oan bestimmingsfûnsen slacht op de jierlikse yndeksearring fan de fûnsen, dy 't nedich binne om de fûnsen yn stân te hâlden.

TALJOCHTING OP DE BALANS PER 31 DECEMBER 2023

AKTIVA

Materiële fêste aktiva (1)

	2023	2022
	€	€
Bedriuwsgebouwen en –terreinen	33.057	33.057
TOTAAL	33.057	33.057

De post aktiva fermeld ûnder bedriuwsgebouwen en - terreinen slacht op in part fan de tún fan de Stichting Fryske Akademy yn Ljouwert. Op 15 novimber 2000 is likernôch in fjirde part fan de tún oankocht en in oar part, 93 m, fan de tún is yn 2014 oankocht. Ek is 14 m, de grûn op de hoeke Doelestrjitte-Grienewei, yn 2014 oankocht fan de gemeente Ljouwert foar it realisearjen fan de haadyngong fan de Fryske Akademy.

Finansjele fêste aktiva (2)

	2023	2022
	€	€
Oare lieningen u/g	448.000	476.000
TOTAAL	448.000	476.000

De liening is jûn oan de Stichting Fryske Akademy ta finansiering fan de nijbouaktiviteiten.

Oare liening u/i:

Op 13 july 2015 is in notariële akte foar in jildliening fan € 700.000 sûnder sekerheidstelling passearre oan de stifting Fryske Akademy. De jildliening hat in rintiid fan 1-1-2016 oant en mei 31-12-2040. Op dizze liening wurdt alle jierren € 28.000 ôflost. De te beteljen rinte is fêststeld op 4% alle moannen efterôf. It ôf te lossen diel foar 2024 is as foardering opnaam.

jierrekken 2023
Stifting Frysk Akademyfûns

Foarderingen (3)	2023	2022
	€	€
Oerrinnende aktiva	40.755	28.000
TOTAAL	40.755	28.000
Oerrinnende aktiva	2023	2022
	€	€
Noch te ûntfangen bankrinten	12.755	0
Oflossingsdiel 2024 jildliening St Fryske Akademy	28.000	28.000
	40.755	28.000
Likide middelen (4)	2023	2022
	€	€
Rabo rekken- koerant	30.353	1.379.638
Rabo doel reservearring	807.155	1.015.589
Rabo spaardeposito	1.500.000	0
	2.337.508	2.395.227

Yn desimber is € 1.500.000 foar 6 moanne yn deposito setten. Oer de perioade 5 desimber 2023 – 4 juny 2024 krije we in rinte fergoeding fan 2.56%. It te ûntfangen rinte bedrach oer desimber 2023 - € 2.832- is as foardering opnommen. Dernjonken is op de de spaarrekken – doel reservearring- € 9.923 rinte opboud.

PASSIVA

Eigen Fermogen (5)**STIFTINGSKAPITAAL**

By de oprjochting fan Stifting Frysk Akademyfûns op 19 july 1968 hawwe de fjouwer oprjochters elk 25 gûne stoarten, omrekene is dit € 45.

ALGEMIENE RESERVE

	Stân per 31-12-2022	Bestimming Resultaat 2023	Stân per 31-12-2023
	€	€	€
Begjinstân	223.902	0	223.902
Utstel resultaatbestimming 2023	0	15.321	15.321
TOTAAL	223.902	15.321	239.224

BESTIMMINGSRESERVES

	Stân per 31-12-2022	Bestimming resultaat 2023	Stân per 31-12-2023
	€	€	€
Projekten Jacob Krol Fûns	127.876	-6.887	120.989
Projekten Pot-Cuperus Fûns	20.414	-8.821	11.593
Projekten Mr. F.A. Gerbens Fûns	8.607	-382	8.225
S. H Sieperda AIO Fûns	1.753.462	-48.475	1.704.987
FA projekten	301.761	-5.884	295.877
TOTAAL	2.212.120	-70.449	2.141.671

De hear S. H. Sieperda, berne op 16 jannewaris 1918 yn Assen en ferstoarn op 30 jannewaris 2008 yn Den Haag, hat in part fan syn fermogen neilitten oan it Frysk Akademy Fûns. It fûns wurdt beneamd as S.H. Sieperda AIO Fûns. De realisearre baten út dit S.H. Sieperda AIO Fûns binne beskikber steld foar promoasjeplakken by de Fryske Akademy. De direkteur bestjoerder fan de Fryske Akademy kin dêrta fersiken yntsjinje. Oan dizze erfenis binne gjin betingsten ferbûn.

Detailoersjoch fan de mutaasjes binnen de bestimmingsreserves

	Jacob Krol Fûns	Pot- Cuperus Fûns	Mr. F. Gerbens Fûns	S.H. Sieperda AIO Fûns	FA Projekten	Totaal
	€	€	€	€	€	€
Saldo 31-12-2022	127.876	20.414	8.607	1.753.462	301.761	2.212.120
Resultaatverdeling 2023						
Oandiel yn belizzingsresultaat	5.274	2.542	414	0	0	8.230
Unttrekking/tafoeging	-2.700	-5.250	0	-48.475	-5.884	-63.809
Yndeksearring bestimmings-fûnsen	-9.461	-6.113	-796	0	0	-16.370
Eksplottaasjesaldo	-6.887	-8.821	-382	-48.475	-5.884	-70.449
Saldo ultimo 2023	120.989	11.593	8.225	1.704.987	295.877	2.141.671

jierrekken 2023
Stifting Frysk Akademyfûns

BESTIMMINGSFUNSEN	Stân per 31-12-2022	Yndeksearring 2023	Untrekking/ tafoeging 2023	Stân per 31-12-2023
		€	€	€
Jacob Krol Fûns	246.538	9.461	0	255.999
Pot-Cuperus Fûns	159.300	6.113	0	165.413
Mr. F.A. Gerbens Fûns	20.745	796	0	21.541
A.W. Verdelman	25.000	0	0	25.000
	451.583	16.370	0	467.954

De Stifting Frysk Akademyfûns hat fjouwer bestimmingsfûnsen yn behear. De earste trije bestimmingsfûnsen wurde alle ûnder deselde betingsten beheard. Oan de fûnsen wurdt alle jierren - by wize fan yndeksaasje - in bedrach taheakke dat oerienkomt mei it gesinskonsumpsje-yndekssifer (basis 2015 = 100). De belizzingsresultaten dy 't helle wurde troch Stifting Frysk Akademyfûns wurde taheakke oan de bestimmingsreserve dy 't troch dizze fûnsen foarme is. It A.W. Verdelman bestimmingsfonds foarmet hjir in útsûndering op. Dit bestimmingsfûns hoecht net yn stân hâlden te wurden

Jacob Krol Fûns

De hear Jacob Krol, berne op 23 novimber 1898 en stoarn op 23 augustus 1984, hat syn erfenis bestimd oan de Fryske Akademy. Yn oerlis mei de Fryske Akademy fiert it Frysk Akademyfûns it behear út, neffens de bepalingen, fêstlein yn it testamint:

- It saldo fan de neilittenskip moat ûnferminderd yn stân holden wurde, en moat op in net spekulative wize rintedragend makke wurde, werby de neilittenskip apart neamd bliuwe moat ûnder de namme Jacob Krol fûns
- It oangroeide rintebedrach moat bestege wurde foar de útjefte fan Frysktalige boeken. Yn de boekútjefte moat dat neamd wurde
- It grêf yn Westemar (op 'e Jouwer) moat ûnderhâlden wurde en alle jierren moat dit ûnderhâld kontrolearre wurde. De grêfjochten binne foar ûnbepaalde tiid ôfkocht

Op 28 febrewaris 1985, hat het bestjoer fan Stifting Frysk Akademyfûns besletten om de haadsom fan it Jacob Krol Fûns, jierlik te fermearderjen mei in inflaasjekorreksje.

Pot-Cuperus Fûns

Op 1 jannewaris 1987 hat Stifting Frysk Akademyfûns it behear krigen oer it Pot-Cuperus Fûns. Dit fûns is ûntstien yn 1963, nei it ferstjerren fan mefrou Pot-Cuperus.

Oerienkomstich de neikommende bepalingen wurden de jilden beheard;

- De haadsom moat as in apart fûns registrearre wurde;
- De fûnsopbringsten wurde bestege oan de útjefte fan Fryske en yn 't Fryske oersetste boeken foar de skoalgeande jeugd en foar de jongerein.

Mr. F.A. Gerbens Fûns

Op 1 jannewaris 1987 hat Stifting Frysk Akademyfûns it behear fan dit fûns oernaam fan de Fryske Akademy. Dit fûns is yn 1947 begûn mei in startbedrach fan hfl. 2.500, mei ekstra stoartingen fan fl. 200 yn de jierren 40. De jilden fan dat fûns kinne bestege wurde oan Frysktalige ûndersiken. De bepalingen oangeande it behear fan de jilden is neffens de beide foarneamde fûnsen.

A.W. Verdelman

De hear A.W. Verdelman, berne op 14 jannewaris 1939 yn Den Haach en ferstoarn op 19 oktober 2020 yn Zoetermeer, hat stifting Frysk Akademy Fûns in legaat ta grutte fan € 25.000 neilitten. De legataris hat dit bedrach spesifyk bestimd / foar ûndersyk nei de fonology fan it Frysk.

UTSTEL TA BESTIMMING RESULTAAT 2023

Foarsteld wurdt om it negative resultaat fan Stifting Frysk Akademyfûns oer 2023, ad € 40.257, sa folget ta lêste fan it eigen fermogen, wêrûnder begrepen de reserves, te bringen:

	2023
	€
Tafoeging oan algemiene reserve	15.321
Untrekking oan bestimmingsreserves	-70.449
Yndeksearring bestimmingsfûnsen	16.371
Totaal	<u>-38.757</u>

Dit útstel fan de bestimming fan it eksploitaasje resultaat 2023 is yn de balâns ferwurke.

	2023	2022
	€	€
<i>Koartrinnende skulden (6)</i>		
Oerrinnende passiva	10.426	44.634
TOTAAL	<u>10.426</u>	<u>44.634</u>
<i>Oerrinnende passiva</i>		
Bankkosten	19	2.448
Akkountantskosten 2023	4.416	3.963
Bydragen oan publikaasjes	5.900	38.223
Ferskaat	91	0
	<u>10.426</u>	<u>44.634</u>

Bankkosten

Dizze post bestiet út noch te beteljen kosten oer desimber 2023 foar it oanhâlden fan in Rabo rekkeningpakket, bankpassen en ynternetbankieren. It ferskil mei 2022 leit oan it ferfallen fan de negative rinte dy't banken yn rekken brochten.

Akkountantskosten 2023

Dizze post is basearre op de tekene opdrachtbrief.

Bydragen oan publikaasjes

Ultimo 2023 is der foar € 5.900 oan tasizzingen noch net opfrege:

Bedrach	Oanfrager	Omskriuwingen
€ 1.250	Afûk	Omke Ule sjocht sterren
€ 1.500	Afûk	De jonge, de foks en it hynder
€ 2.500	Afûk	Gozert
€ 650	E. Jorna	Biografy keatser J. Brandsma

Net út de balâns blikende ferplichtingen

Gjin

Gebeurtenissen nei balânsdatum

Ljouwert, 14 maaie 2025

Stifting Frysk Akademyfûns

Drs. H.ten Hoeve, foarsitter

J.W. Petter, skriuwer/ponghâlder

Mr. H. Ph. Breuker

F. de Jong – Krap

Mr. M. Geertsema

TALJOCHTING OP DE EKSPLOTTAASJEREKENING 2023

BATEN

	2023	2022
	€	€
Finansjele baten en lêsten (7)		
Rinte jildliening FA u/j	20.160	21.280
Rinte Rabo doelreserwearjen	9.923	0
Rinte Rabo deposito	2.832	0
Bankkosten	-220	-6.376
	32.715	14.904

LESTEN

	2023	2022
	€	€
Oare materiële lêsten (8)		
Akkountantskosten 2023	4.417	3.963
Bydragen oan eksterne publikaasjes	6.425	15.950
Bydragen oan projecten FryskeAkademy	55.884	45.137
Ferskaat	4.726	373
	71.472	65.423

Bydragen oan eksterne publikaasjes

Bedrach	Oanfrager	Ut fûns	Omskriuwingen
€ 1.250	Afûk	Pot Cuperus	Omke Ule sjocht sterren
€ 1.500	Afûk	Pot Cuperus	De jonge, de foks en it hynder
€ 2.500	Afûk	Pot Cuperus	Gozert
€ 2.250	Afûk	Jakob Krol	Skearing en ynslach
€ 1.000	Afûk	Jakob Krol	Net fiksearre hûs
€ 2.000	P. Breuker	Jakob Krol	Biografy Simke Kloosterman
€ - 2.550	Ferskaat	Jakob Krol	Net opfrege tasizzingen eardere jierren
€ - 1.525	FA	Algemien	Minder opfreege yfm leger tekoart by 'Der dy namma fan heten is'.

Ferskaat

Dizze post bestiet út de jierlikse ûnderhâldskosten fan it grêf fan Jacob Krol € 91, de ûntwikkeling fan de nije webside € 4.416 en fergaderkosten € 219.

OARE GEGEVENS

- Kontrôleferklearring fan ûnôfhinklike akkountant



W.P. Bieze AA	drs. J.W. de Roos RA
drs. R. van Dijk RA	R.J. Rudolphy RE RA
L. Elzinga MSc RA CFE	M. Seinen-Apperloo AA
J.M. Faber RA	R. Seunnenga AA RB
H. Frankena AA	P. Sikkema MSc RA
M.J. Hiemstra AA	drs. B.D. Snijder RA
A.J. Kardol AA	A.J. Steenstra AA
P.R. Mook MSc RA	J.R. Tabak RA
I. Nijmeijer AA	R.P. van der Werf AA
drs. J. Noordhuis RA RV CFE	E.J. van der Woude AA RB
R.A. Noordhuis RA	J.A. Ypma AA
T.J. Potijk MSc RA	D.J. Zantema AA

KONTROLEFERKLEARRING FAN DE UNOFHINKLIKE AKKOUNTANT

Oan: It bestjoer fan Stifting Frysk Akademyfûns te Ljouwert

A. Ferklearring oer de yn it jierferslach opnommen jierrekken 2023

Us oardiel

Wy hawwe de jierrekken 2023 fan Stifting Frysk Akademyfûns te Ljouwert kontrolearre.

Nei ús betinken jout de yn dit jierferslach opnommen jierrekken in krekt byld fan de grutte en de gearstalling fan it fermogen fan Stifting Frysk Akademyfûns op 31 desimber 2023 en fan it resultaat oer 2023, yn oerienstimming mei de yn Nederlân jildende Rjochtlinen fan de Ried foar de Jierferslachjouwing 650 Fûnswinnende organisaasjes.

De jierrekken bestiet út:

1. de balâns op 31 desimber 2023;
2. de steat fan baten en lêsten oer 2023;
3. it kasstreamoersjoch oer 2023; en
4. de taljochting, mei in oersjoch fan de hantearre grûnslaggen foar finansjele ferslachjouwing en oare taljochtingen.

De basis foar ús oardiel

Wy hawwe ús kontrôle útfierd neffens it Nederlânsk rjocht, dêr't ek de Nederlânske kontrôlestanderts ûnder falle. Us ferantwurdlikheden op grûn dêrfan binne beskreaun yn de seksje 'Us ferantwurdlikheden foar de kontrôle fan de jierrekken'.

Wy binne ûnôfhinklik fan Stifting Frysk Akademyfûns lykas fereaske yn de Feroardering oangeande de ûnôfhinklikheid fan akkountants by assurance-opdrachten (ViO) en oare foar de opdracht relevante ûnôfhinklikheidsregels yn Nederlân. Fierder hawwe wy foldien oan de Feroardering gedrachs- en beropsregels akkountants (VGBA).

Wy binne fan betinken dat de troch ús ferkrigen kontrôleynformaasje foldwaande en gaadlik is as basis foar ús oardiel.

B. Ferklearring oer de yn it jierferslach opnommen oare ynformaasje

Neist de jierrekken en ús kontrôleferklearring dêrby, omfettet it jierferslach oare ynformaasje, dy't bestiet út:

- it bestjoersferslach; en
- de oare gegevens.

Op grûn fan ûndersteande wurksumheden binne wy fan miening dat de oare ynformaasje mei de jierrekken ferienichber is en gjin materiële ôfwikingen befettet.

Wy hawwe de oare ynformaasje lêzen en hawwe op basis fan ús kennis en ús begryp, ferkrigen fia de kontrôle of oars, neigien oft de oare ynformaasje materiële ôfwikingen befettet.



Mei ús wurksumheden hawwe wy foldien oan de easken yn de Nederlânske Standert 720. Dy wurksumheden hawwe net deselde djipgong as ús kontrôlewurksumheden by de jierrekken. It bestjoer is ferantwurdlik foar it opstellen fan de oare ynformaasje, mei dêrûnder it bestjoersferslach yn oerienstimming mei de yn Nederlân jildende RJ-Rjochtline 650 Fûnswinnende organisaasjes.

C. Beskriuwing fan ferantwurdlikheden oangeande de jierrekken

Ferantwurdlikheid fan it bestjoer foar de jierrekken

It bestjoer is ferantwurdlik foar it opmeitsjen en krekt werjaan fan de jierrekken yn oerienstimming mei de yn Nederlân jildende RJ-Rjochtline 650 Fûnswinnende organisaasjes. Yn dat ramt is it bestjoer ferantwurdlik foar in sadanige ynterne behearsking dy't it bestjoer needsaaklik achtet om it opmeitsjen fan de jierrekken mooglik te meitsjen sûnder ôfwikings fan materieel belang as gefolch fan flaters of fraude.

By it opmeitsjen fan de jierrekken moat it bestjoer ôfwage oft de stifting yn steat is om syn wurksumheden yn kontinuïteit fuort te setten. Op grûn fan it neamde ferslachjouwingsstelsel moat it bestjoer de jierrekken opmeitsje op basis fan de kontinuïteitsferûnderstelling, of it moat wêze dat it bestjoer it foarnimmen hat om de organisaasje te likwidearjen of de aktiviteiten te beëinigen, of as beëiniging it iennige realistyske alternatyf is. It bestjoer moat foarfallen en omstannichheden wêrtroch't grutte twivel bestean kinne soe oft de stifting syn aktiviteiten yn kontinuïteit fuortsette kin, taljochtsje yn de jierrekken.

Us ferantwurdlikheden foar de kontrôle fan de jierrekken

Us ferantwurdlikheid is it sadanich plannen en útfieren fan in kontrôle-opdracht dat wy dêrmei foldwaande en gaadlike kontrôleynformaasje ferkrije foar it oardiel dat wy ôfjaan moatte.

Us kontrôle is útfierd mei in hege, mar gjin absolute mjitte fan wissichheid, wêrtroch't it mooglik is dat wy by ús kontrôle net alle materiële flaters en fraude ûntdekke.

Ofwikings kinne ûntstean as gefolch fan fraude of flaters en binne materieel wannear't ridlikerwize ferwachte wurde kin dat dy, ôfsûnderlik of mei-inoar, fan ynfloed wêze kinne op de ekonomyske besluten dy't brûkers op basis fan de jierrekken nimme. De materialiteit beynfloedet de aard, timing en omfang fan ús kontrôlewurksumheden en de evaluaasje fan it effekt fan ûnderkende ôfwikings op ús oardiel.

Wy hawwe dizze akkountantskontrôle profesjoneel kritysk útfierd en hawwe wêr't dat relevant is profesjonele oardielsfoarming tapast yn oerienstimming mei de Nederlânske kontrôlestanderts, etyske foarskriften en de ûnôfhinklikheidseasken. Us kontrôle bestie ûnder oaren út:

- It identifisearjen en ynskatten fan de risiko's dat de jierrekken ôfwikings fan materieel belang befettet as gefolch fan flaters of fraude, it yn reaksje op dy risiko's bepalen en útfieren fan kontrôlewurksumheden en it ferkrijen fan kontrôleynformaasje dy't foldwaande en gaadlik is as basis foar ús oardiel. By fraude is it risiko dat in ôfwiking fan materieel belang net ûntdutsen wurdt grutter as by flaters. By fraude kin sprake wêze fan gearspanning, stikferfalsking, it opsetlik neilitten om transaksjes fêst te lizzen, it opsetlik ferkeard foarstellen fan saken of it trochbrekken fan de ynterne behearsking;
- it ferkrijen fan ynsjoch yn de ynterne behearsking dy't relevant is foar de kontrôle, mei as doel kontrôlewurksumheden te selektearjen dy't passend binne yn de omstannichheden. Dy wurksumheden hawwe net as doel om in oardiel út te sprekken oer de effektiviteit fan de ynterne behearsking fan de entiteit;
- it evaluatearjen fan de gaadlikens fan de brûkte grûnslaggen foar finansjele ferslachjouwing en it evaluatearjen fan de reedlikheid fan rûzingen troch it bestjoer en de taljochtingen dy't dêroer yn de jierrekken steane;
- it fêststellen dat de troch it bestjoer hantearre kontinuïteitsferûnderstelling oannimlik is. Teffens it op basis fan de ferkrigen kontrôleynformaasje fêststellen oft der foarfallen en omstannichheden binne wêrtroch't grutte twivel bestean kinne soe oft de stifting syn aktiviteiten yn kontinuïteit fuortsette kin. As wy konkludearje dat der in ûnwissichheid fan materieel belang bestiet, binne wy ferplichte om oandacht yn ús kontrôleferklearring te fêstigjen op de relevante relatearre taljochtingen yn de jierrekken. As de taljochtingen ynadekwaat binne, moatte wy ús ferklearring oanpasse. Us konklúzjes binne basearre op de kontrôleynformaasje dy't ferkrigen is oant de datum fan ús kontrôleferklearring. Takomstige foarfallen of



- omstannichheden kinne der lykwols ta liede dat in organisaasje syn kontinuïteit net langer hanthavenje kin;
- it evaluearjen fan de presintaasje, struktuer en ynhâld fan de jierrekken en de dêryn opnommen taljochtingen; en
 - it evaluearjen oft de jierrekken in krekt byld jout fan de ûnderlizzende transaksjes en foarfallen.

Wy kommunisearje mei it bestjoer ûnder oaren oer de plande draachwiidte en timing fan de kontrôle en oer de signifikante befiningen dy't út ús kontrôle nei foaren kommen binne, wêrûnder eventuele signifikante tekoartkommings yn de ynterne behearsking.

De Gordyk, 28 maaie 2024

VAN DER VEEN & KROMHOUT
Accountants & Adviseurs

w.t. drs. R. Van Dijk RA